



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wurdum Fr e.o. Himmelfeart Tongersdei 13 maaie 2010

Dautraapje

Moarns om healwei achten komme der in tritich



minskens gear by
de Fikarij.

Mei elkoar
geane wy te
rinnen....

De foargonger
fertelt dat yn
eardere tiden
minskens moarns
hiel betiid op
bleate fuotten
troch it gers
rûnen. Wy geane
wat letter en
rinne no nei de
tsjerke yn
Swichum.

Brechje



By it brechje oer de Wurdummer feart
stoppe wy. Op ús paad troch it libben
komme wy soms obstakels tsjin. Dan
moatte je omrinne, of ôfwachtsje. Of je
meitsje
as fine in
brêge...

Dan kinne je
fierder...
Wy krije in tekst fan
Confusius:

**Waarheen je ook
gaat,
ga met je hele
hart.**

As je wat wolle doch it dan mei hert en siel.
Wy geane fierder nei Jouwsmastate.



Swichum

Op it hôf komme wy gear. Dit is it plak wer de
tige bekende Wiggle fan Aytta nei tsjerke gie.
Hjoed is it de dei dat wy tinke oan de
Himmelfeart fan Jezus. Jezus gie fuort en syn
feinten sjogge nei de himmel. Sy steane te
dikerjen. Wat moat harren paad no wêze? Hoe
faaks sykje wy om it paad dat wy geane. Soms
binne wy it paad bjuster en witte wy net mear
hoe't wy fierder moatte.

Wy krije in tekst fan Theodore Roethke:

**Door op weg te gaan,
heb ik geleerd
waarheen ik moest gaan.**



Ek dat kinne wy
dwaan. Gewoan op
paad gean. Wy rinne
swijend, sûnder te
praten, fierder nei it
folgjende sammelpunt.

Jouwsmastate



Hjir wurdt foar ús
moarnsiten soarge.
Kofje, tee,
broadsjes en in
appel steane klear.

Geande op ús wei
wurdt der ek foar ús
soarge. Dat bart ek yn
it libben.....





En it soargjen is ek it mei elkoar meilibje. En ûnder it iten wurdt der praat, mei elkoar meilibbe....



As tarieding op it moarsgebed sjonge wy twa fersen út de liturgy. Dan klinkt oer de grêven en it lân:

*De frede fan de greiden wês oer dy,
de frede fan mar en lân.*

De frede fan de loft en wês oer dy,

*de frede fan waad en strân.
Djippe frede mei komme oer dy
mei Gods frede no groeie yn dy.*



Wy krije in tekst fan Francoi de la Rouchefoucauld:

***Wie de rust niet in zichzelf vindt,
zal haar tevergeefs elders zoeken.***

Krekt foar wy fuort geane soarget Jannie Lindeman foar in spesjaal effekt. Wy geane wer op paad en no oer it boerepaad, dwers troch it lân oer smelle brechjes... mar je binne net allinnich... je wurde grif holpen.



Tsjerke

Sa geane wy op wei nei de tsjerke. Der is omrop Fryslân om in opname te meitsjen fan it moarnsgebed.

